

FERSLACH GEARKOMSTE op 2 novimber 2019 yn Tresoar Ljouwert

1. Iepenjen

Om 13.30 oere hjit foarsitter Gosse van der Plaats sa'n 39 persoanen wolkom en yn't bysûnder de sprekkers Richard de Boer en Han Nijdam.

2. Meidielingen en ynkommen stikken

De skriuwer hat gjin meidielingen en ynkommen stikken. Berjocht fan behindering is der fan Lysbert Bonnema. Fierder wurdt der melding makke fan in nij genealogysk boek fan Wytse Tjoelker mei de titel "*Bean-riters en oare wetterrotten*". It giet foar it grutste part oer Oerterper skippers.

3. Ferslach fan 21 septimber 2019.

Der binne gjin opmerkingen oer it ferslach fan dizze mienskiplike ekskurzje fan it GWF en de NGV (Fryslân) te Skettens. Us gasthear te Skettens André Buwalda stiet foar 2020 noch as sprekker op de list fan it GWF.



4. Nije notulisten foar it kommende ferieningsjier. Der is slim ferlet fan notulisten. Rinse Spits sil de leden fan it GWF hjirfoar benaderje.

5. Stambeam yn sulver

De hearen Richard de Boer en Han Nijdam, ferbûn oan de Fryske Akademy, hawwe it plan om in artikel yn de Vrije Fries te skriuwen oer de Fryske berteleppeltradysje tusken 1650 en no. Hja binne al jierren mei dit ûndersyk dwaande. Fragen by dit ûndersyk binne ûnder oaren:

- Wannear binne de berte- en sierleppels ûntstien?
- Wat binne de ferskillen?
- Giet it hjir om in Frysk fenomeen?
- Wat is der yn de tiid te sizzen oer de kwantiteit en de kwaliteit?
- Hokker regio's hawwe de measte sulveren leppels oplevere?
- Wat binne de lange gebrûkslinen yn de Fryske skiednis fan dizze sulveren leppels?

By dit ûndersyk wurdt gearwurke mei musea, kolleksjehâlders en frijwilligers. Wat is der al oan literatuer beskikber en wat is der noch net beljochte en ûndersocht? Koartsein alle ynformaasje is wolkom. Wichtige boarnen binne Hessel de Walle yn "*Friezen uit vroeger eeuwen*" en de sulverspesjalisten sa as Jan Schipper en Sietze van der Meulen dy't yn de seal oanwêzich binne.

Ut it fiere ferline witte wy dat der al let-romeinsk tafelsulver wie mei teksten derop. Ut lettere iuwen binne brúnzen leppels bekend mei op de stâle in mantsje, de apostel Mattheus. Letter yn de 17^e iuw binne der hjir ek sokke leppels fan sulver en tin (Krommenie).

Yn Fryslân binne de âldste leppels wapenleppels út de 17^e iuw mei de inisjalen en de wapens fan in echtpear. By de net-aadlike pearen lizze dizze wapens minder fêst. Sokke wapens kinne binnen de famylje yn de tiid slim feroarje. Leppels kinne binnen de famylje lange tiid trochjûn wurde. De leppel fan Douwe Lieuwes Nijdam út 1665 kriget nei ferrin fan tiid fiif ynskripsjes en giet as berteleppel troch oant yn 1857. Sa hie Gysbert Japicx in leppel mei G.J. en A.A. der op. Wat falt der oer dizze leppel te sizzen? Dan is der it riedsel fan trije leppels mei HR en JF en it jiertal 1782. Binne it wol houliksleppels? Of binne sokke leppels mear sierleppels of memoarjeleppels? Ek docht út âlde ynventarisasjes fan ynboelen bliken dat it wol foarkomt dat der wol fjouwer of twa fan deselde leppels binne mei likense inisjalen der op. Soks wiist dochs mear op gebrûksleppels yn sa'n húshâlding.

It begjin fan de echte berteleppels is út de jierren 1650-1660. Om 1700 hinne komme der sierleppels mei flochten stallen. Toand waard der in foto fan in leppel fan Pieter Ates Jooritsma, datearre 3-5-1720, dy't fan Frjentsjer komme soe. Dizze leppel waard krekt op 30 oktober 2019 op Marktplaats oanbean. Dizze foto makke de tongen los, want neffens Sietze van der Meulen is dizze leppel net orizjineel mar falsk! It is echt útsjen mei sokke saken.

Fan Hessel de Walle waard der in tabel toand mei de gritenijen en de oantallen leppels yn de tiidrekken oant 1811. Westergoa is it rykste gebiet oan leppels, dan folget it klaaigebiet fan Eastergoa. De súdwesthoeke fan de provinsje hat de minste leppels. By de middenstân en by de klaaiboeren wiene de sulveren leppels it meast yn besit. Ek yn Grinslân komme op it Hoge Land wol leppels foar, mar de oantallen lizze dêr in stik leger. Yn de 18^e en 19^e iuw komme yn

Skandinavië al wol aardich wat doop- en begraffenisleppels foar.



Wat seit de Fryske literatuer oer dizze leppels? Joast Hiddes Halbertsma skriuwt der oer yn syn *Rimen en Teltsjes*. Fan himsels is der in ienfâldige berteleppel bekend. Waling Dijkstra wiist op it gebrûk fan de berteleppel by de brandewynkûm as der in poppeslok te genietsjen falt en Marlies Stoter sjocht de berteleppel as de start fan it sparbankboekje fan it bern.

By it jaan fan berteleppels wie it fan âlds binnen de famyljes fan grut belang dat der dien waard oan it ferneamen fan pake of beppe. Op dizze wize koene de leppels hieltyd oan folgjende generaasje trochjûn wurde en waard dat op de leppels oantekene.

Der is sa troch de tiden hinne in leppelkultuer ûntstien. It giet net allinne oer berte-, houlik-, of begraffenisleppels mar der binne ek preemjeleppels foar de swierste ko of

bolle en it moaiste hynder op 'e merk. Dan binne der iisleppels as memoarjeleppels bygelyks fan de oerstek nei Inkhuzen. Ut de tiid fan de gilden binne der gildeleppels. Dy leppels waarden betelle út de kas fan it gilde en dan oan de leden jûn. Sa bleau de kas minder fol en koe it stedsbestjoer der gjin jild úthelje. Priisleppels binne der ek fan it keatsen, it hurddraven, it hurdriden en fan de Alvestêdetocht fan 1997.

6. Skoft

7. Twadde helte fan de lêzing en petear

Fierder mei de betinkingen- en begraffenisleppels. Bekend binne dizze leppels út de famylje Buma en Kingma. By de aadlike famylje Vegelin van Claerbergen steane op de leppels lange teksten. Al dizze leppels binne fan belang foar de dokumintaasje. De leppels fan de famylje

Buma hawwe as bekroaning fan de stâl in kuorke mei trije klavers. Okkerdeis koe der op de Pan noch in leppel fan Gerlacus Buma weromkocht wurde.

Leppels kinne ek in anker foar ferhalen wêze. Sa hat Dam Jaarsma ea in gedicht foar it *Friesch Landbouwwblad* skreaun mei de titel *Trije berteleppels*. Han Nijdam hat him ferdjippe yn de trije leppels út 1854 en 1859 fan Reinskje, Reinskje en Ruurdje út de famylje Politiek.

De ynskripsjes op de leppels binne hast altyd yn it Nederlânsk. Dochs der komme wol hieltyd mear Frysktalige leppels. De âldste Frysktalige leppel is fan Meine Kaastra fan 1883. Hy wie lid fan it Frysktalige Ljouwerter Toanielselskip.

De hjoeddeiske ferneamingstradysje wurdt mear loslitten mar de Fryske tradysje om de bern in berteleppel te jaan bestiet noch wol. In moai foarbyld is de famylje Meindersma yn Amsterdam. Alle pakesizzers krigen sa'n leppel. Sokke lange tradysjes binne der ek yn de famylje Cnossen. Alle ynformaasje oer sokke tradysjes binne wolkom bij de sprekkers.

Sietze van der Meulen fertelt oer syn ûndersyk nei de begraffenisleppels fan de famylje Bergsma út Eastdongeradiel. It die bliken dat de pachters fan de pleatsen fan



Bergsma elk in leppel krigen. By de famylje Buma stie yn de administraasje ûnder it kopke 'dragers' 26 leppels. By ûndersyk waard dúdlik dat hjirfan 15 leppels nei pachtboeren giene. En ek kaam it foar dat de eksteur, heechste plysjeman yn in gritenij, sa'n leppel krige.

Fierdere fragen út de seal wiene der oer ôfbyldingen op de leppels. Sit der in patroan yn? It is tiidsôfhinklik en der sit in soad fariaasje yn. Foar in moai oersjoch fan stâlbekroaningen sjoch dan yn it boek fan Jan Schipper mei de titel *'Friese zilveren sierleppels uit de achttiende eeuw'*, útjefte museum Hannemahûs te Harns (2015), dêr is it noch wol te bekommen.

Fierder waarden der meibrochte leppels toand sa as fan Sibbeltje W. Rispen 1792, Homme S. de Jong 1864 en mei it opskrift fan Sibbele S. de Jong út 1967, mar dizze leppel sels wie âlder. Dy wie fan 1750.

Sietze van der Meulen toande noch in leppel fan Janke Tomas Tuinstra út 1828 mar by ûndersyk die him bliken dat de datum op de leppel feroare wie. Der hie earst 1824 op stien mar dat famke wie stoarn. Dan hie hy in leppel út 1735 fan de 'Oldweesvoogden' út Snits mei in moaie yndustry mûne. Der wie in relaasje mei de timmerman Eelke Eelkes dy't geregeld foar dizze fâden wurke hat. Fierder toande hy in moaie Sûchbeker út 1837 fan jr. A.A. Andringa de Kempnaer en in sulveren filigrainkistke foar de berte fan G.K.Smeding. Har heit wie Pieter Koumans Smeding fan de Ljouwerter krante. It kistke wie makke troch pake sulversmid Hermanus Smeding.

8. Omfreesjen

Om kertier foar fjouweren waard de gearkomste sluten mei ferwizingen nei de gearkomste op 16 novimber fan de NGV en nei de presintaasje fan it Genealogysk Jierboek 2019 op 30 novimber.

Notulist Gerard Mast
(foto's Jabik van der Bij)